

Port Betaald
Port Payé
Pays-Bas




KRITENIJS

F
R
Y
S
K

S
E
L
S
K
I
P

·
U
S

M
E
M
M
E
T
A
A
L
·
A
S
S
E
N



Oprjochte yn 1930

Winterskoft 2023 – 2024
nr. 4, maaie 2024

Ôfstj.: Einsteinlaan 20, 9406 BK Assen

Frysk Folksliet

Frysk bloed tsjoch op! ¹⁾ Wol no ris brûze en siede,
en bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde,
it Fryske lân fol eare en rom.

Refrein:

*Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!*

Hoe ek fan oermacht, need en see betrutsen, ²⁾
oerâlde, leave Fryske grûn,
nea waard dy fêste, taaie bân ferbrutsen,
dy't Friezen oan har lân ferbûn.

Refrein

Fan bûgjen frjemd, bleau by 't âld folk yn eare,
syn namme en taal, syn frije sin;
syn wurd wie wet; rjocht, sljocht ³⁾ en trou syn leare,
en twang, fan wa ek, stie it tsjin.

Refrein

Trochloftich ⁴⁾ folk fan dizze âlde namme,
wês jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme
in grien, in krêftich bloeiend leat!

Refrein.

1) tsjoch op = bliuw net stilstean

2) betrutsen = yn gefaar brocht

3) sljocht = ienfâldich

4) trochloftich = Holl.: doorluchtig



Earebyld
dr. Eeltsje Halbertsma, Grou

*'De âlde Friezen'
ferzje Halbertsma/
Van Loon*

Kolofon

Gearstalling bestjoer

Foarsitter: Teatske Haanstra, Nic. Beetslaan 1 B2, 9405 BB Assen, tel. 0592 344920; teabosma@hetnet.nl

Skriuwer: Hans Groenhof, Broeklaan 56, 9405 AN Assen, tel. 0592 352932; hansenmetje@home.nl

Ponghâlder: Douwe de Beer, Jan Palachweg 101, 9403 JT Assen, tel. 06 10166002; ddb@planet.nl - Bankrekken fan de Krite: NL 78 RABO 0310 1082 33

Leden: Sjoewe Wiersma, Metje Groenhof, Renny Monsma.

Redaksje Kritenijs

Redaksje-adres: Anje Hoogland (typwurk en layout), Rolderdingspillaan 36, 9451 GB Rolde, tel. 06 19787284; anjehoogland50@hotmail.com

Jan Toering (korreksje- en oersetwurk), Gersthullen 29, 9403 WK Assen, tel. 0592 370102; j.toering29@gmail.com

Meiwurkers oan it Kritenijs (oer it algemien): Jeltje Geertsma, Sjoukje Jansma, bestjoersleden, redaksjeleden.

Kontaktpersoanen en/of adressen

- Lede-administraasje: Sjoukje Jansma-Mozes, Einsteinlaan 20, 9406 BK Assen, tel. 0592 354238

- Ferfier nei Hooghalen: Hans Groenhof, tel. 0592 352932, b.g.g. Teatske Haanstra, tel. 0592 344920.

Oare adressen

It Frysk Boun om Utens; www.fryskbutenfryslan.frl
skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl

Keatsen: Gerrit Elzenga, tel. 06 26688684

www.heitelan.nl (stêden en doarpen)

www.afuk.frl

www.itnijs.frl: digitaal blêd (nijs út Fryslân en de wrâld)



Ynhâld

- 1 Nammen en adressen
- 2 Advertinsjes + rymke
- 3 Derbûten
- 4 Foto's Fryske kwis 19 april
- 5 Ha jo it al heard
- 6 Ha jo it al heard



- 7 Eveneminten yn Fryslân
 - 8 Slachtoffers mei inkeld in grêfstien
 - 9 ferfolch + Fakânsje (ferhaal)
 - 10 Wurdiker
 - 11 Advertinsjes
 - 12 Bûsboekje + wiisheden
- Kaft: advertinsjes + resept + siswizen.

Geef uw fiets een onderhoudsbeurt

Dealer van
SPARTA-RIH


B. Franke
TWEEWIELERS

Groningerstraat 266 • Assen • 0592 344237

 **Friese-producten.nl**
Online Friese kado's

Webwinkel met meer dan 500 Friese artikelen. Vandaag besteld, overmorgen in huis!

Kado's
Kalenders
Sleutelhangers
Wenskaarten
Shirts
Vlaggen • Stickers • Agenda's
Truien • Sokken • Handdoeken
Sjaals • Mutsen • Glazen
Mokken • Snoep en ...
nog véél meer!

www.friese-producten.nl 06-53259385

**Myn heite-heite-heit wie âlde keapman Jisk.
Myn heite-heite-mem wie âlde oate Fetsje.
Ik stamje nuver ôf, jimm' kin dat no wel fetsje,
ik bin in berns-berns-bern fan 't âlde Jiske-Fetsje!** ☺

(W.J. Koopmans)



VANVEEN
TANDPROTHETISCHE PRAKTIJKE

BERRY VAN VEEN
TANDPROTHETICUS

Mr. P.J. Troelstralaan 257
9406 BA Assen

0592 26 89 89
info@tppvvanveen.nl
www.tppvvanveen.nl

Derbûten

“Blaukopkes”

Fan 'e middei siet ik bûten en der wie in soad drokte. Max sei neat en ik siet mei in boek, dat wý makken gjin leven. Mar it wienen de blaukopkes dy't harren briedplak wer fûn ha. Alle jierren komme se wer. En wêr sitte se?

By ús âlde hûs hong in stiennen nêstkastke oan de bykeuken op it suden. Mar wêr moast it hingje by ús nije hûs? Der mocht neat oan de muorre fêstmakke wurde. Dat it kastke kaam op in taffeltsje te stean by ús op it terras. En wat barde der? Der kaam in spantsje blaukopkes yn te brieden.

Prachtich, wat in drokte. En se jouwe der neat om as wy dêr sitte. Se fleane hinne en wer en sit der al ien yn it kastke, dan wachtet de oare efkes derbûten. Hjoed sêch ik dat se alle kearen in lyts wjirmke yn har bekje ha en nei binnen bringe.



Mar ... at der jongen yn sitte en hast nei bûten fleane wolle, dan fljogge der ek al roeken, eksters en houteksters om it kastke. It is as rûke se dat der in mieltsje út it hokje komt.

Ach, wat begrutlik, net? Mar dat is de natoer.



Wat ha wy in moaie middei hân yn Hooghalen op freed 19 april mei Gerrita! Op 'e oare side yn dit Kritenijs steane wat foto's en fansels ek ien fan ús **Jan Toering**, dy't in oarkonde krigen hat foar syn jierrenlang krewearjen foar ús Krite.

Oan 'e ein fan dit stikje wol ik jim allegearre **in hiele moaie simmer** tawinskje, ek út namme fan Metje, Renny, Sjoege, Hans en Douwe.

Wy hoopje dat jim yn oktober wer manmachtich nei de miene gearkomste komme. Fansels is der dan nei ôfrin wer in breamiel.

Wy hoopje inoar nei de simmertiid yn sînens wer te sjen.



*Groetnis,
Teatske*

Fryske kwis, 19 april l.l.

Tsjonge, jonge, jonge, wat in tarin fan jim op freed 19 april lêstlyn foar de Fryske Kwis. Geweldich! Wat wienen wy (bestjoer) dêr bliid mei. En Gerrita hie it noch nea meimakke dat sy tsien ploechjes fan fjouwer makke hie. Wat wie it gesellich en de ploechjes fan fjouwer waarden tige entûsjast. Mar ja, der koe mar ien de winner wêze.

Bûten de kwis om wie der noch in echte winner, nammentlik **Jan Toering**. Foar syn krewearjen foar ús Krite fertsjinnet er in oarkonde (sjoch foto op side 6). Jan, noch in kear tige, tige, tige tank foar alles wat jo dien ha en dogge foar it Krite nijs. En der komt noch gjin ein oan, ek al binne jo al 92 jier. SUPER.



Gerrita Otten en har man



Ha jo it al heard



- dat de fiif keatsballen dy't feild wurde, yn in museum hearre. Dat fynt sporthistoarikus Pieter Breuker. Elke bal hat in bysûnder ferhaal, mar Breuker is benaud dat se út it sicht ferdwine.

- dat de eksploazje de ynwenners fan Easterein noch dwerssit. "De hiele nacht de lampen oan". Krekt nei fiif oere wie der in enoarme knal yn in hoekwenning oan de Eeskwert. De foargevel fan it hûs wie oan pún en yn de wenkeamer ûntstie brân.

- dat der yn de Twadde Keamer in fergadering iepene is mei it foarlêzen fan in Frysk gedicht. Keamerfoarsitter Martin Bosma liet graach poëzy hearre, mar sprekt sels gjin Frysk. Dêrom skeakele hy Aukje de Vries yn. Sy is it langstsittende Fryske Keamerlid. De Vries (demisjonêr steatssekretaris foar Taslaggen en Dûane) komt út Ljouwert en praat wol Frysk. By har beneaming spruts sy ek de Fryske eed "dat ferklearje en ûnthjit ik" út.

- dat de toan fan Henk van der Veer wie: "Der binne grêzen". "Foarege week even op stap weest, su nou en dan kan ik dêr enôrm fan geniete om na ut foetballen op frijdach-avend even an 'e tap te hangen in un noch redelek brún autentyk kafee in Sneek".

- dat yn de Ljouwerter bistetún koartlyn in bysûnder bistje berne is: in Paterdavidshart. It is in bist dat allinnich noch yn de bistetún te sjen is; yn it wyld is de soarte útstoarn.



- dat presintator en teaterprodusint Albert Verlinde foar it earst reagearre hat op de opskuor om de útspraak fan Johan Derksen oer Habtamu de Hoop. Hy die dat op in sneontemoarn yn it programma Op & Ut. Verlinde siet oan tafel by 'Vandaag Inside' nêst Derksen te laitsjen, doe't dy op telefyzje sei it Groen Links-PvdA-Keamerlid fan Wommels gjin Fries te finen. "Iemand die in Friesland geboren is, heeft het recht om er zo over te praten. Hij is toch geen Fries", stelde Derksen. De Hoop, berne yn Ethiopië, is adoptearre doe't er acht moanne âld wie en grutbrocht troch syn Fryske heit en mem. "Ik ben Fries en praat Frysk", sei De Hoop yn in reaksje dy't er de oardedeis op X pleatste.

- dat der ûnbekende skatten of gouden munten lizze ûnder de greide by Menaam. In groep fan sa'n acht archeologen is dêr al wiken dwaande mei in grutte opgraving.

- dat traumatisearre tigers en liuwen mear romte en grien krije yn Nijeberkeap. Je soene it net sizze, mar yn Fryslân rinne der nochal wat tigers en liuwen om. By Felida yn Nijeberkeap fange se de grutte katachtigen op, mar de ferbliuwen binne hurd oan fernijing ta.

- dat de Bubble Barrier yn Harns plestik út de Waadsee hâlde moat. Plestik pûden, pypskom, lege fleskes en in hiel soad oar ôffal streamt alle dagen fia it Van Harinxmakanaal de Waadsee yn. Mei in saneamde Bubble Barrier moat dêr in ein oan komme.

- dat de earste seis stroffelstiennen fan Ljouwert koartlyn pleatst binne yn de Joadske wyk. Se binne foar it âlderlik hûs fan de 97-jierrige Benno Troostwijk lein. Syn heit en âldste suster kamen om yn in konsentraasjekamp. De stiennen binne net allinnich foar syn heit en sus lein, mar ek foar syn mem, broer, syn twillingsus en himsels.

- dat de Fryske sjauffeur Gerard van der Bij yn Sweden wennet. “Ik sjoch it noarderljocht fergees”. Frachtweinsjauffeur G. v.d. B. fan Marsum is hast altyd ûnderweis, fan Noard-Noarwegen oant Spanje. Van der Bij hat no al 35 jier in ienmanstransportbedriuw. Syn frou komt fan de Achterhoek en wie bussjauffeur. Sa’n 20 jier ferlyn woene se eins wol fuort. By it doarp Vikmanshyttan – goed 2½ oere riden noard-westlik fan Stockholm – kochten se in pleats mei grûn deromhinne en bosk derby. In part fan de grûn ferhiere se.

Tiid

De tiid giet ûnferbidlik troch,
wat ik ek lit of wat ik doch,
ik kin syn gong net keare.
Hoe’t it komt, de tiid sil ’t leare
sa lang ’t ik meigean, hear en sjoch.

It libben is altyd in alvestêdetocht;
soms foar de wyn, faak yn ’e wyn, in protte klune
en oan ’e ein ... in krúske.

En as meikoarten de simmer komt:
minder rein, minder kjeld, minder wyn;
méár sinne en méár waarmte!



Groetnis,

Jan fan Beets

Eveneminten yn Fryslân (in lytse kar, want der is ôfgryslík folle te dwaan ...)

1-6	Boekemerk	Jobbegea
1-6 o/m 31-8	CityTrain, in rit troch	Ljouwert
7-6	Jiermerk	Easterwâlde
26 o/m 29-6	Heamielddagen	Boalsert
29-6	Sipelsneon, jiermerk	Sleat
28-7	Streekmerk	Langwar
20 o/m 23-8	Fyts-4-daagse	Appelskea

Skûtsjesilen 2024

SKS

sneon	3-8	Grou	sneon	10-8	Starum
moandei	5-8	De Feanhoop	moandei	12-8	Wâldsein
tiisdei	6-8	Earnewâlde	woansdei	14-8	De Lemmer 1
woansdei	7-8	Terherne	tongersdei	15-8	De Lemmer 2
tongersdei	8-8	Langwar	freed	16-8	Snits
freed	9-8	Ealahuzen			

IFKS

sneon	17 augustus 2024	Hylpen
snein	18 augustus 2024	Starum
moandei	19 augustus 2024	Heech
tiisdei	20 augustus 2024	Sleat
woansdei	21 augustus 2024	Rêstdei of ynhelwedstriden bij Ychtenbrêge
tongersdei	22 augustus 2024	Ychtenbrêge
freed	23 augustus 2024	De Lemmer
sneon	24 augustus 2024	De Lemmer (finale)



Fierljeppen 2024

(in greep út alle data)

1-6	19.00 oere	Burgum	1 ^e klasse – Eelke Scherjon Memorial
8-6	13.00, 15.30, 19.00	Bûtenpost	resp. 3 ^e , 2 ^e , jeugd en 1 ^e klasse
11, 12, 13-6:	19.00	Winsum	resp. 2 ^e , 1 ^e en 3 ^e klasse
22-6	13.00, 15.30, 19.00	It Heidenskip	resp. 3 ^e , 2 ^e en 1 ^e klasse
25, 26, 27-6:	19.00	Bûtenpost	resp. 2 ^e , 1 ^e en 3 ^e klasse
20-7	13.00, 15.30,		Keningsljeppen:
	18.30, 20.30	Burgum	resp. 3 ^e , 2 ^e en 1 ^e klasse
17-8	13.30	Winsum	Fryske Kampioenskippen

Keatsen 2024 (inkelde data)

31-7 PC Frjentsjer

7-8 Freulepartij Wommels



Slachtoffers mei inkeld mar in grêfstien



1



2



3

Op it “Terrein tot Vrijheidsbezinning” oan de igge fan de bosk by Aekinga yn Appelskea waard op 1 septimber 1946 in monumint ûntbleate ta oantinken oan de frije sosjalisten en antimilitêristen, dy’t yn de besetting om it libben brocht binne.

It monumint bestiet út in opmitsele muorre en dêromhinne in tal swerfstiennen en in pear lytsere balstiennen. It monumint is oerdroegen oan de hiele “Vrij Socialistische en Revolutionaire Antimilitaristische Beweging in Nederland”.

Trije moanne letter, op saterdei 30 novimber, waard ûnder belangstelling fan mear as 100 freonen fan Andries Jacob Lok op it tsjerkhôf oan de Oosterse Es yn Appelskea in monumint ta oantinken fan him ûntbleate. Lok wie it haad fan de iepenbiere legere skoalle op de Tredde Wyk, no Ravenswâld. Hy wie fan it begjin fan de oarloch ôf belutsen by it net-wapene ferset, foaral mei de help oan ûnderdûkers. Se tinke dat Lok fermoarde is as ferjilding foar de dea fan lânwachter Kees Hartenhof, dy’t by in treffen mei minsken út it ferset yn de Boerestreek om it libben kaam.

It monumint is in grutte swerfstien mei dêrop in tinkplaat en derfoar in urn.

Ta de neitins fan Lok waard op 23 maaie 1948 in twadde monumint ûntbleate, dat oanbrocht is op de gevel fan de iepenbiere legere skoalle op ’e Tredde Wyk yn Appelskea. It is in glazuere gevelstien mei in reliëf fan in knibbeljend famke yn in blau jurkje en giele klompen en dêrboppe fjouwer fleanende fûgels (1). It is in ûntwerp fan de Fryske byldhouster Nina Baanders-Kessler.

De legere skoalle is iepene yn 1930 en sûnt dy tiid wie Lok dêr skoalhaad. Master Lok stried tsjin it alkoholisme en hy wie leafhawwer fan planten, stiennen en fûgels en dy leafde hat er oan in soad bern en folwoeksenen yn Ravenswâld oerbrocht. Tsjin myn omke Pieter sei er ris, doe’t dy by him as learling yn ’e klasse siet: “Ga jij maar naar huis, want jij kunt je hond en kauw meer leren dan ik jou”.

Lok hat, krekt as Bertus Smit en Menno Braaksma, in wichtige rol spile by it ta stân kommen fan de jeugdherberch “Us Blau Hiem”. Alle trije mannen wiene aktyf yn it ferset en dêrom is der in tinkplaat mei de nammen fan it trijetal pleatst by de yngong fan de jeugdherberch.

Oan de “Bruggelaan” yn Appelskea stiet in fersetsmonumint, dêr’t de tekst “ FALLEN FOAR IT HEITELÂN” (2) opstiet en de nammen fan de Appelskeaster slachtoffers fan de Twadde Wrâldoarloch: Jitse Kiewiet, Anne de Boer, Melle Bruinsma, Andries Lok, (alle fjouwer fan de Tredde Wyk), Marinus van Emst, Sipke Gorter, Wiebe de Jong, Bauke Jongbloed, Lambertus Sloterwijk, Arent van der Sluis, Sijtze Veenstra en Jan Wieldraayer.

Fjouwer Appelskeasters, dy’t de Dútsers ûnderstipen, waarden ek oarlochsslachtoffers. Johannes Jan Deuling sneuvele oan it Kaukasusfront en Egbert de Jong oan it Narwafont yn Estlân. De bruorren Kees en Hielke Hartenhof (3) kamen om it libben by skermutselingen yn ús lân. Kees sneuvele oan de Boerestreek yn Appelskea op 12 maaie 1944 en as wraak waard master Lok in skoftke letter (20 maaie 1944) deasketten. Hielke kaam om it libben op de Feluwe, koart foar de befrijing (18-04-1945).

Opfallend op ’e grêfstien fan de twa bruorren op it tsjerkhôf oan de Oosterse Es binne de runetekens.

(it lêste ferhaal út ’e foarrie fan Anne V)

Fakânsje (dy’t net goed ôfrint ...)

Riemersma, in Fryske greidboer, giet foar de earste kear yn syn libben mei fakânsje, nei Drinte. As er syn koffers pakt hat, ropt er de feint by him.

“Do krigest as iennige it telefoannûmer fan it hotel wêr’t ik tahâld. Meist my alinne yn uterste needgefallen belje, goed?”

“Bêst”.

De boer is amper twa dagen mei fakânsje of de telefoan giet.

“Menear Riemersma, de stâl fan de leppe is brutsen.”

“Bellest my dêrom? Wêrom is er knapt?”

“Ik ha jo Fryske stabij begroeven.”

“Wêrom moast de hûn begroeven wurde?”

“Omdat de brânwacht him op it hiem deariden hat.”

“Wat docht de brânwacht op myn hiem?”

“Om de stâl te dôvjen.”

“Wat! Is de stâl yn ’e brân flein? Hoe komt dat?”

“Troch in rein fan fonken.”

“In rein fan fonken? Wêr komt dat wei?”

“Ut it foarhûs wei, Riemersma.”

“Is dat ek yn ’e brân flein dan? Hoe kin dat?”

“Doe’t ik jo mem yn de pronkkeamer opbierd ha, is der in kears omfallen ...”



Wurdsiker**SIMMER**

K	D	N	J	G	M	E	J	K	N	Ú	T	S	I	T	N	E	M
Z	H	J	J	R	Z	H	O	E	D	T	I	E	G	R	C	W	W
X	A	E	G	Q	S	T	R	Â	N	G	P	S	L	A	A	D	E
J	P	T	E	T	D	E	L	J	A	A	N	K	M	A	Y	E	N
Q	P	T	R	E	M	X	S	N	E	T	I	H	K	K	N	J	M
B	E	I	A	S	N	K	N	I	P	P	E	R	K	E	Â	L	T
U	L	W	N	T	L	A	H	G	H	F	H	Z	M	W	L	E	C
S	S	S	I	Y	Q	Y	E	K	R	P	F	E	Q	V	S	G	K
T	K	M	U	F	N	J	B	F	A	S	S	N	T	M	Y	N	U
O	E	E	M	D	T	S	S	T	E	P	R	J	E	B	R	A	I
C	A	E	E	K	W	T	D	A	A	K	M	S	D	N	F	D	E
H	X	R	S	I	Y	E	M	Z	R	A	K	I	Ú	K	A	W	R
T	S	O	M	G	X	K	I	X	H	R	R	A	W	H	X	R	J
G	B	M	O	V	E	L	H	V	E	W	E	T	B	S	T	O	E
L	E	S	B	F	K	N	Ú	R	B	N	G	T	S	R	X	F	N
V	I	I	S	S	O	R	B	E	T	I	N	C	L	J	X	S	M
W	B	H	B	I	M	K	I	L	F	O	N	I	K	W	E	O	H
I	M	H	M	Z	R	S	L	E	G	Û	F	W	S	J	C	E	F

APPELSKEA
BRÚN
DELJAAN
FÛGELS
HITENS
IISSORBET
KUIERJE
SINNE
SWIMME
TAARTSJE
TÚNKJE

BAKKEFEAN
BUSTOCHT
FRYSLÂN
GERANIUM
HOED
KAART
NOFLIK
SLAAD
SWIMPAK
TERRAS

BOSK
DANGELJE
FYTSE
HIMD
HYNDERS
KNIPPERKE
RANE
STRÂN
SWITTE
THÚS

folle wille!



Bouwbedrijf Rotteveel B.V.
Broeklaan 22, Assen 0592-355278
www.bouwbedrijfrotteveel.nl

Dorpshuis 't Haalerhoes is bij uitstek geschikt voor:

- feesten en partijen,
- vergaderen (beamer en laptop aanwezig),
- bijeenkomsten.

Zaalruimten groot en klein naar keuze.

Ruime parkeergelegenheid.

Praktisch alles is mogelijk.

Vraag vrijblijvend inlichtingen bij de beheerder.

Tel. 0593 – 592340 - b.g.g. 06 – 10144987

Stengelinstraat 18, 9414 AV Hooghalen



Om yn jo bûsboekje te setten

- yn septimber mear -

Snein 22 septimber, 11.00 oere

Fryske ferskes sjonge, Ons Dorpshuis,
B. Boermalaan 4, Eelde/Paterswolde
(meiride? Anje Hoogland belje; 06 1978 7284).

Freed ... oktober, 14.30 oere

Krite Us Memmetaal, Algemeine Iedegearkomste
yn 't Haolerhoes, Hooghalen + breamiel



**Kopij foar it septimbernûmer kin oant en mei moandei
9 septimber 2024 ynlevere wurde by de redaksje**



Wiisheden

- Rjochtlinichheid is net altiten de koartste wei nei in doel.
- Dy't oer in balke springt, moat oer in strie net stroffelje.
- Men moat net alle bûter op ien stik brea smarre.
- Foar de wyn ôf wol in klomp sile.
- De beste hynders fynt men op 'e stâl.
- Dy't net weaget, dy't net wint.



*De redaksje winsket alle lêzers
in moaie simmertiid ta, mei
fertier, geselligens en ûntspanning,
yn sûnens!*

SPESJAALSAAK
H. Witting & Zn

- sûnt 1876 -

Huodden - Petten - Moade-akcessoires
Oosterstraat 51 Grins
050 3121180

Maklik resept: ierappelpankoek

- Klopje yn in kûm twa aaien los mei wat molke, sâlt en piper.
- As jo der fan hâlde ek fynsnippere sipel der by.
- Raspje fjouwer grutte ierappels en ming alles trochinoar.
- In royale klute bûter yn 'e pankoekspanne rane, de ierappelmassa goed oer de panne ferdiele en yn fiif minuten brún bakke.
- Keare mei help fan in grut lid en noch sa'n tsien minuten op matich fjoer bakke.

- **altyd smaaklik** -

Biste-eigenardigheden

Sa dom as in okse.
Sa grutsk as in pau.
Sa smoarch as in tjirk (of baarch)
Sa earm as in lús.
Sa bang as in wezeling.



Sa wurch as in maits.
Sa griis as in doffert.
Sa machtich as miggen.
Sa flitich as in bij.
Sa bliid as in protter.





Feestje, verjaardag, bruiloft, jubileum, BBQ, buurtfeest?



Mercurius Catering verzorgt graag en goed uw feestjes en/of bedrijfsuitjes. Van bbq tot compleet buffet: wij draaien onze hand er niet voor om. Alles vers geleverd bij u op het werk of bij u thuis. Ook voor een sfeervolle inrichting kunt u bij ons terecht.

Succes verzekerd!



Thuis een tap nodig? Ook dat kan. Wij verhuren speciale taps voor thuisgebruik. Mercurius Catering neemt graag de regie voor u uit handen voor uw feest in overleg met u. Samen met u maken we geheel vrijblijvend een voorstel voor uw feest.



Mercurius Catering
Ketellapperstraat 22
9403 VR Assen
0592 - 317755



facebook.com//MercuriusCatering
twitter: @deBBQSpecialist

Nu ook
mobile
musicbox
te huur



www.mercuriuscatering.nl

Siswizen

Wy geane ûnder seil.
Wy dogge de lûkjes ticht.
Wy geane op 'e koai.
Wy sille de sokken boppe bringe.
Wy geane plat.
Wy sille skiepkjes telle.
Wy geane ûnder de wol.
Wy sille de kat der út litte.
Wy geane op 't nust.
Wy geane hegerop.
Wy geane oan 'e kant.
Wy geane út 'e wei.

